

Tichtby

## **Colofon**

ISBN: 978 90 8954 768 2

1e druk 2015

© 2015, Jan Schokker

Uitgeverij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Leeuwarden

[www.elikser.nl](http://www.elikser.nl)

[www.janschokker.frl](http://www.janschokker.frl)

Vormgeving omslag en binnenwerk: Evelien Veenstra

Niets uit deze uitgave mag worden verveelvoudigd, opgeslagen in een geautomatiseerd gegevensbestand en/of openbaar gemaakt door middel van druk, fotokopie, microfilm of op wat voor wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van de auteur en de uitgeverij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

# *Tichtby*

Jan Schokker





## Min ien

Hy skrikt. Der strûpt him wat oer de klompe. In rô? In protte ljocht komt der net troch de lytse kowerútsjes fan it stjonkende skuorke, mar hy sjocht al wat yn de hoeke fan de âld stâl sitten. It is in kat, dy rotkat fan de buorlju, wit er. Hat dat bern de doar wer iepenstean litten. Sjanina moat better op him passe. Grimmitich skopt er de klompe yn de hoeke. It read fan de kat en in giel stik fan de kappe fan de klompe spatte fuort. Ja, sa soe hy ek mei dy rotfint dwaan moatte. Nee, tinkt er as hy op ien sok en de oare klompe wer nei foarren rint, dit giet te rap. Sa'n kat hat gjin pine hân. Immen deameitsje, moatst langer oer dwaan. Net krekt as dy âld húskemelker in klap mei de moker jaan, mar earst alles om him hinne wei brekke en as hy letter bewust wurdt fan it feit dat hy it brânpunt is fan alle ellinde, dan starichoan djipper stekke. Hast ek mear oan it genietsjen neitiid. As in pyromaan op ôfstân de brân besjen. Hoe frettend fjoer alles delhellet en it mei giel-reade klauwen ta jiske bringt en noch inkel in pear swarte stokken neilit. Júst, dêr moat er oan tinke.

Tichtby bliuwe.



## Ien

De sinne is fan doel om de dei fleurich te begjinnen en Bontebok te befrijen fan in tryste mist, mar de flarden griis litte harren net samar fuortbrâne. En dat hoecht om Ale Alema ek noch net. It hat wol wat, fynt er, want it foarjier tikket ûngeduldich yn grûn, gers, beamen en loft. Kinst it fiele en hearre mar it lêste fan de kâlde tiid set noch in dizige blokkade, dy't koppich is.

Unyk hjir, it Frysk hynder yn dy mysterieuze flarden focht. Bysûnder, de grutte beammen mei it jonge grien fan it foarjier dêr't de stammen fan fuortgomme lykje yn in griis neat. Helder wol, it lûd fan de hoanne dy't foar master opslacht. Grutte roeken binne drok mei it nêst en litte dat de buorlju witte mei harren skrassende lûd.

By de hikke fan it lân hat Ale Alema hast alle dagen syn Brandaris yogamomint. No ek. Earst yn it waar sjen, ûntspannend in sjekje draaie en nergens oan tinke. Blanko begjinne, genietsje fan de natuer, de frisse moarn en boppe-al it frije gefoel. Ek al binne it úteinlik mar in pear minuten. En dan komme starich de taken fan in nije dei boppedriuwen. Hokker setten sil er hjoed dwaan op it skaakboerd fan it resjerzjewurk en wat foar stikken kin er ynsette? In pear setten stiet hy by elk begjin fan it spul al achter, dat wit hy yn 't foar, want de tsjinstanner spilet altyd falsk en dat sil hjoed net oars wêze.

Troch de mist hinne tekenje harren ek de kontoeren ôf fan wat it nije hûs wurde moat. De stegers dêr't aanst de mitselers oerhinne moatte, jouwe no noch in aparte foarm oan it bouwurk, mar as de muorren stean en it dak der op sit

is alles wer sa't it wie. It lytse foarhûs en de skuorre is oplutsen yn in krekt wat gieler stientsje as earder, mar de bûtenkant is hast lyk oan syn âld spultsje. Hoewol, achtern yn komt no in grutte glêzen sko-pei.

Fan binnen sil it hiel oars wurde. Dochter Jelly wol har der mei bemuoie en dat fynt Ale al lang bêst. Hoecht er der ek net op út om in kar te meitsjen út alderhanne materialen en kleuren foar de ynrjochting.

Ale hie alles lyk ha wollen oan it âlde. It wie it noflikste paad, want it wie goed sa't it wie wat him oanbelange, mar doe wie de dochter yn it ferset kaam.

'Heit is net wiis! Dy yndieling wie sa ûnhandich as wat, âlderwetsk ek. Allegear lytse hokjes. Nee, achtern moat in grutte keamer komme mei in breed útsicht op Jonkerslân en der moat in moaie grutte keuken yn.'

Jelly wist wol hoe't it moast, as hie se der al faak en lang oer neitocht.

Se tekene it sa út foar Ale.

'Hjir de badkeamer, dêr de hal, hjir foaryn in kantoarke foar heit en hjir myn diel,' hie se sein.

Letter sei se dat it in grapke wie. Se woe graach earst noch by har heit ynwenje, mar ridlik gau soe sy in eigen stekje sykje. Lykwols, Ale fûn it in strak plan. Romte genôch, foar elk in eigen hoekje. Hiest ek gjin spul. Krekt as de Dútsers en de Italianen dienen, de famylje moai byelkoar, koest de kosten diele en it like him ek hiel libbendich. Famylje en fee op ien hiem. Pakesizzers tusken de hintsjes en skiep en in skoansoan foar it swiere wurk, it meanen en it ferfelende skilderwurk.

Mei in protte geweld rydt der in buske it hiem op. Doarren slaan, muzyk knalt troch de iere moarn. It binne de mitselers.



Fiiif man sterk yn ien buske, jonge mannen noch. Der wurdt sein dat de jeugd net mear fan oanpakken en bealgjen wit, mar dêr is Ale it net mei iens. Dizze jonges dogge net ûnder foar harren heit en pake en mei in soad enerzjy fersette se hiel wat wurk. Foar safier't Ale it beoardielje kin, leverje se knap wurk en romje alles oan de ein fan de wurkdei kreas op. It is in moai groepke. Der sit humor yn en mei nocht krûpt er moarns earst by harren yn de keet as se it earste bakje kofje dogge.

'Fertel do dy bak nochris, Hette. Fynt Alema fêst ek wol aardich.'

It is Hindrik dy't it freget. Hy is de âldste fan de ploech, mar ek de lytste. In fûl baaske, hy draaft hast oer de stegers.

Hette is in grutte grouwe fint en de opperman fan it stel. Hy soarget der foar dat de mannen hieltyd foarút kinne mei stien en speesje. Swier wurk, wit Ale mar dat soest net sizze ast Hette skôgest op de bou. It is net allinne syn krêft en spierballen, moatst der gefoel by ha en in goede timing.

No gnysket er: 'Hokker grap?'

'Dy'tsto krekt ûnderweis ferteldest.'

'O, fan ús heit? Dat wie gjin bak, dat is histoarysk.'

Hette hellet it deksel fan de plestik bôlebak en blêdet troch de plakjes bôle as in amtner dy't yn de argyfkast siket nei de goede map en makket dan in kar nei in dûbel stik mei tsiis.

'Mem wie juster lilck op ús heit. Hoe kin it, frege se, datsto dyn sokken geregeld stikken hast. Der sitte wol fiiif gatten yn elke sok, knipsto dyn nagels wol? Fansels, sei heit. Mar miskien moat ik dan earst de sokken útdwaan.'

Hette laket er sels it hurdst om. It is in heech en oansteklik lûd, dat elkenien yn de keet hat wille.

Noflik om de dei sa fleurich te begjinnen.

De âlde direksjekeet dy't nei de brân ferboud is ta tydlike wenning foar Ale en dochter Jelly hat wat fan in fakânsjewenning. It is ynrjochte mei rotanmeubeltsjes, dy't minsken út Bontebok spontaan beskikber stelden doe't er nei de brân wat regele wurde moast. Fjouwer nachten hienen Jelly en Ale yn in hotel oernachte, mar doe hienen de buorlju it yn oerlis mei dochter Jelly samar foar elkoar. De oannimmer hie wol in keet oer en Jelly selektearre mei buorfrou út it oanbod in ynrjochting. It wie Jelly ek dy't stomme graach it hotel út woe. Sy moast werom nei Bontebok en de dieren op it hiem en yn de hokken. Om Ale hie it sa rap net hoegd. Oerdei wie er dochs op it wurk en jûns kaam Nanke. It befoel him sa wol, it hie de sfear fan fakânsje.

As meiwurkster fan justysje wie Nanke Niesting taheakke oan syn ûndersyksteam yn de Lykspulsaak. In geskink fan in fleurich ferljochte planeet en se wienen fereale rekke as pubers. It team wie nei de bekentenis fan de fertochten opheft. Nanke en Ale ferdjipten harren allinne noch yn elkoar en dat gie geweldig goed. As hienen se jierren byelkoar west, sa fertroud, sa eigen, sa fleurich. As it wurk it mar eefkes taliet wie Ale yn Ljouwert, of ieten se ergens healwei yn Terherne, Snits, Akkrum of Grou. Ien kear hie hy Nanke meinaam nei Bontebok, mar dat hie gjin súkses west. Sis mar in ramp. De oanblik op de ferbrânde oerbliuwsels fan it hûs dêr't Nanke noch in trauma fan hie, rekke har djip. En dochter Jelly hie ek nuver ôfhâldend dien. Syn freondinne en kollega wie sa wer fuort nei Ljouwert en Jelly hie de hiele jûn ek neat mear sein.

Unhandich, fûn er it sels. Syn skuld, it gie te hastich. Hy hie in kar makke en wie der út en entûsjast, mar it moast weakje.

By de bern, mar ek by Nanke. Hy snapte it wol, mar fûn it tagelyk idioat. Fereale wêze mei de hânrem der op, yn in Hawaii-shirt it iis op, yn rockstimming nei in pianokonsert. Sa fiede dat.

## Twa

As er yn syn buske by de feart delrydt yn De Knipe op wei nei it plysjeburo op It Hearrenfean, hat Ale de muzyk lûd oan. De radio-cd spiler is de iennichste lúkse dy't der op en oan de âlde folkswein Transporter sit en de ynstallaasje is hast te swier foar it tinne Dútske blik. It is stoere muzyk fan Beth Hart en Joe Bonamassa. De cd hat er fan Jelly, hie sy kocht yn Itaalje en sy fûn dat it krekt wat foar har heit wie. De earste nûmers koe er net oan wenne, dat Gurbe Douwstra, Pieter Wilkens en Randy Newman hienen de foarkar yn de auto, mar doe't er it al ris wer besocht mei Beth Hart en it nûmer *I'd Rather Go Blind* oanklikte, wie er ferkocht.

Wat in stim. As in wyld rôfdier dy't op jacht is nei in proai dúkt Beth Hart op en ûnder de snaren fan dy begenedige gitarist Joe Bonamassa. Wat in geweldich hearlik geweld, fynt Ale, en it nûmer duorret ek noch hast de ôfstân fan Bontebok nei it plysjeburo. It is dat hy sa út en troch in grize toefe hier yn it spegeltsje fan de VW hippen sjocht, oars koe der sa mar it besef wêze dat er ûnderweis is nei in ferkearing yn Lúkswâld. Dat kin, in goed gefoel kin samar tritich jier oersljochtsje.

Wytske de Boer, de neiste kollega fan Ale, fisket resjersjeur Gauke út de kantine, ferstûket har ankel as se de lêste treden fan de trep oerslacht en stroffelet hast oer de wurden as se útlizze wol wêr't se sa rap hinne moatte.

Dit is myn dei net, betinkt se as se sels muoite hat om de feilichheidsriem om te dwaan. Oars hat se dat sa yn ien floeiende beweging klear.

‘Fertel nochris moai stadich wêr’t wy hinne moatte,’ freget Gauke as se de earste rotonde by it Kuperusplein hân ha. Gauke is de rêst sels, yn alles is hy starich en kalm, útsein it tinken. Hy hat samar ferrassende en orizjinele oplossingen, oeral foar. Ale seit wolris dat Gauke oars tinkt as in gewoan minske. Neffens him sit der in fertraging yn de harsens by Gauke dy’t der foar soarget dat lytse ûnbelangrike bysaken it tinkproses net beynfloedzje.

Wyske skoot har ljochte hier achter it ear, mar dat slagget ek net yn ien kear. Se lit it gaspedaal wat omheech komme. It riden moat net ferkeard gean.

Se leit út: ‘Yn de Brouwersleane is in man fûn. Hy wennet allinne, it is in wat âldere man fan 57. In buorfrou hat him fûn mei in grutte wûne oan ’e holle. Se tocht dat er stoarn wie.’

It is eefkes stil dan seit Gauke: ‘Sân en fyftich jier is net âld.’ Se sjocht him net-begripend oan. ‘Sânenfyftich? Nee, 75 jier âld, sei ik.’

‘Dat seisto net, mar makket neat. Min sliept?’

Se wit eefkes net oft se it fertelle sil. De heale nacht hat se wakker lein te prakkesearen en te draaien. Justerjûn is se belle troch justysje. Oft se sollisitearje wol op in baan as haad fan in ûndersyksteam en se is de iennichste sollisitant.

‘In pracht kâns,’ hie de frou sein dy’t har belle.

Dat fûn se sels ek. Ferbjustere wie se earst eefkes, doe geweldig bliid. Dat sy sa’n kâns krige! Wat betsjutte sa’n promoasje? Yn in hegere skaal mei it lean, ja fansels, mar koe se soks oan? Earst binne der gjin twivels. Wis al koe se dat. Sa faak hie se dat al sjen litten, mar dan komme al rap de grutte twivels. Se koe no rêstich har wurk dwaan yn it skaad fan Ale. Feilich skaad as fan in grutte stoere toer dy’t noait ynstoart. No soe se dan sels yn it iepen fjild stean, mei

kâns op krityske stoarmen út alle wynstreken en soe se dan stevich genôch stean?

Earst sil se entûsjast Ale belje, mar se klikt syn nûmer net oan. Se wit sa wol wat syn advys wêze sil: Altyd dwaan, mei beide hannen oangripe en mislearret it dan kinst altyd werom komme. Dat lêste is se net wis fan. Dat hopet se dan mar.

Nee, earst net belje.

It nijs moat earst mar ris yndale.

Krekt foar it Tolhûske komme se in ambulânse tsjin. Blauwe lampen knipperje oerdreaun fanatyk.

‘Komt dy dêr ek wei?’ freget Gauke him lûdop ôf.

‘De Brouwersleane is ienrjochtingsferkear, mar is dat fan dizze kant?’

‘Ja, hjir by It Tolhûske der yn.’

It is in smelle strjitte, in soad romte om de auto kwyt te reitsjen is der net. It hûs is foar in grut part út byld troch grutte konifearen. Meastal as se ergens byroppen wurde is der in soad drokte. Kollega’s, nijsgjirrige lju en folk dat belutsen is, mar hjir is neat. Sels de doar sit op slot.

‘Ferkeard hûsnûmer, oare strjitte? Hast sa starich riden dat sels de kremaasje al achter de rêch is?’ freget Gauke.

Wytske hat har oandacht by it hûs der neist.

‘Hy is al noch nei it sikehûs rekke, tink. Wolsto by de buorlju hearre?’

Wytske rint om it hûs hinne en ek de achterdoar sit fêst. As se troch it grutte rût op de achterkant sjocht, wiist allinne in omfallen stoel op wat aparts.

As se wer nei de foarkant rint, heart se in frou oankommen dy’t Gauke wat útleit. Har lûd is skel.

‘Ik ha in stoofpot opstean en wist eins net oft it gas noch op

fol stie. Boppedat moast de wask ek noch op de line, dat ik ha de doar hjir mar op slot dien.'

Buorfrou is in lyts froutsje en se waggelet in bytsje. De hannen hat se yn in blau blomkeskelk. As se Wytske sjocht fernuveret se har: 'Och, hjir is noch ien oan it sneupen,' en dan wer tsjin Gauke, 'Nee, myn man is mei nei it sikehûs.'

Se wiist nei it hûs. 'Dokter hat noch oan it reamputearjen west. Of hoe hjit dat? Doe ha de broeders buorman Hille meinaam en myn man is ek mei gien.'

'Wolle jo de doar iependwaan?' freget Wytske.

Dat wol buorfrou wol dwaan, mar se hat al in betingst: 'Ik gean der net mei yn, hear. Ik ha buorman fan 'e moarn fûn.

Och, wat bin ik skrokken. Allegear bloed. Ik tocht, ik tink...'

Dan skodhollet se en stapt op de foardoar ôf en as se de doar iepen hat stapt se fansiden om de plysjes troch te litten. Se seit: 'Ik sil fan 'e middei de flierbedekking wol skjijnbjinne.'

Och, wat leaf, fynt Wytske. Wat flink ek. Se is de jongste ek net mear - miskien wol 70 - mar dan noch fielt se de ferplichting om de flier skjijn te bjinnen foar buorman. Mar dat skjijnmeitsjen moat mar net. Wytske pakt har eefkes by it skouder en seit dat se aanst noch by har sjocht.

As Ale by it Abe Lenstrastadion rjochtsôf slacht, is Beth Hart krekt útraasd en heart er de telefoan. De sintrale. Der is in ûngemak bard op de bou. Hy hat it earst net iens troch dat it by himsels, thús yn Bontebok is, mar as er fernimt dat Jelly belle hat, skrikt er allemachtich. Se hie him ek besocht te beljen, mar blykber koe it tingeltsje net boppe de muzyk út komme.

Yn De Knipe, by de feart lâns, komt ek Ale in ambulânse tsjin. It gas trapet er hast ûnder de auto. De hiele bousteger

oan de achterkant is omfallen, neffens Jelly. Twa man ferwûne en mei ien fan harren like it net bêst. It docht Ale daliks tinken oan it drama, trije moanne lyn. Doe fleach er ek yn in nuvere panykstimming nei Bontebok, nei hûs. As dit no mar tafalt, wa fan de jonge mannen is slim ferwûne? Hoe koe dit no barre? Steger ynstoard? In spesjaal bedriuw hie de konstruksje opboud. Sokken witte hoe't it moat.

Kollega's Klaas en Wiepie binne der al. Se stean mei de mitselers te praten. Hette sit der by op in stienkroade, mei de hân oan de holle.

It is in ravaazje, hy skrikt der fan. As hie der in grutte stoarm oerhinne west. Buizen stekke alle kanten út, planken binne knapt as yskostokjes, stien liket der tuskentroch struid as giele klontsjes en speesjekûpen binne as lege grize doppen alle kanten útrôle.

In rampgebiet yn it lyts.

Ale is samar bypraat. Hette hie krekt in pellet stien mei de fierriker op de steger setten, doe't de hiele boel ynstoarte. Lammert, ien fan de jonge mitselers wie der ôfsprong, mar hie de hiele lading stegerplanken, stien en buis oer him hinne krigen. Se ha him der foar dea ûnder weihelle. It ambulânsepersoniel tocht dat it noch wol tafalle koe, lykwols wienen se der allegear ôf. As Hette syn holle optilt, sjocht Ale dat er in iepen wûne by de noas hat.

De ein fan in buis wie krekt de kabine fan de fierriker ynsketten, fertelt kollega Klaas.

'Moat dat net behannele wurde?' freget er.

Hette sjocht Ale mei grutte eagen oan en begjint dan te flokken.

Hy wiist: 'Der hat ien mei syn fikken oan de keppelingen sitten. De hiele hoeke is losmakke!'



Ale sjocht skrokken nei syn kollega's. 'Nee, wol? Is dat sa?'

'No ja, sjoch mar,' seit Wiepie.

Se rinne nei de sydkant en litte Ale de keppelingen sjen.

'Sjoch hjir, oan dizze kant binne de pinnen der út.'

Ale wol der wat tsjinyn bringe: 'As se no net goed fêst sitten ha, kinne se dan net troch it geweld fan dat ynstoarten der útflein wêze?'

Kollega Klaas seit daliks: 'Dat tink ik net.'

Wiepie seit: 'We moatte der in spesjalist by roppe.

Teminsten, it liket my ek net dat soks kin, mar dat kinne wy net goed beoardiele en sjoch!'

Hy docht in pear stappen achterút en wiist. Ut de gevel binne hjir en dêr stiennen fuortlitten en dêrút stekke einen stegerbuizen fan twa meter. Se fungearje gewoanwei as ekstra steun foar de steger.

'It liket wol as binne fan dy buizen de klemmen ek losmakke, oars hienen se wol in diel fan de muorre meinaam.'

Ale kin it net leauwe.

'Of mei de opbou fan de steger is der wat mis gien of it besjut dat hjir midden yn de nacht of iere moarn immen west hat dy't de boel sabotearre hat.'

In aaklik gefoel krûpt by de Bontebokker yn 'e lea en set him op de mage.

Dit is dat trauma-gefoel dat slachtoffers fan oare delikten ek ha, betinkt er. Dat beklamjende gefoel dat dy jierren achterfolget, dy eangst datsto sels yn dyn eigen fertroude boarch net feilich bist.

As hy de TR regele hat, sjocht er wer by Hette. Hindrik is der no ek en slacht Hette op it skouder.

'Kom maat. Net sa krimmenearje, wy sille de brot opromje.'

De Bontebokker leit út dat se dat earst wol út de holle sette

kinne fanwege it ûndersyk en om him kinne se wol op hûs oan.

‘Om de donder net,’ seit de lytse foarman, ‘dan begjinne wy mei de binnenmuorren.’

Hette giet stean. ‘Fyn ik ek, mar oars kinne wy aanst noch wol eefkes yn ’t sikehûs sjen. Earst mar ris sjen hoe’t it giet mei Lammert. Us oare maat is by him.’

Hy sjocht op syn mobile telefoan.

Is it dreech te lêzen of kin er net leauwe wat er lêst? De opperman giet wer op de kroade sitten.

‘Wat?’ freget Hindrik.

Hette hellet de holle wat achteroer en dan lêst er it wer.

‘Nee! Allemachtich!’

‘Wat?’ freget Hindrik nochris en docht er in stap nei him ta.

‘Allemachtich!’

Hindrik pakt de telefoan ôf en lêst.

‘Allemachtich!’

‘Ja. Lammert ha se nei Intensive Care brocht.’

Wytske hat om deselde tiid hast deselde erfaring. Sy kin in beropsmjitige ôfstân hâlde, mar it bliuwe tryste berjochten. Yn de ambulânse wie der noch in hertslach konstatearre, mar yn it sikehûs hie âlde Hille it net mear oprêden.

‘Earnstich harsensletsels en tabrocht mei in swier gefal,’ melde de assistint fan de dokter dy’t Wytske oan de telefoan krige.

Se ûndersykje it hûs, mar by de yntree is de ferbjustering al grut by beide resjersjeurs. Oeral wêr’t se sjogge stean boeken. It hiele hûs fan Hille liket dêrfan opboud, as rêsten de solders op boeken. Mar net mei de regelmaat fan in strak mitsle muorre, se binne gaoatysk opsteapele. De grutte pillen binne de boekesteunen fan rigels en steapels boeken

op meters en meters planken en hast alle muorren binne brûkt.

Sûnder wat oan te reitsjen skowe Wytske en Gauke yn ferwûndering foarby de kolleksje, as binne se yn in bysûndere biblioteek of memorabel museum.

Yn de hal stean allegear doazen, guon iepen en dêr sitte ek boeken yn en dat sil net oars wêze mei de tichte, betinkt Wytske.

‘Wat hat sa’n man by de ein hân?’ freget Wytske har lûdop ôf.

‘Ik siet al te rekkenjen,’ seit Gauke, ‘asto alle wiken twa boeken lêst, binne dat der sa’n hûndert yn ien jier. Kear in fyftich jier is sa’n 5000 boeken.’

Hy sjocht by de rigels lâns en knikt dan.

‘Safolle stean hjir wol!’ beart Gauke.

De froulike kollega fynt dat in enoarm getal, mar begjint ek rûchwei te tellen. Gemiddeld tritich boeken op in meter, kear seis rigels yn de hichte. Fierder komt se net. Op de twadde planke fan ûnderen sjocht se in reade pinne tusken twa boeken útstekken. As se troch de knibbels sakket tinkt se earst oan in hânsel, mar no’t se langer sjocht twevelet se.

‘Hast wat fûn?’

Gauke sakket ek troch de knibbels.

‘Ik tocht earst oan in hânsel,’ flûsteret Wytske, ‘mar it hat wol wat fan in moker mei in plestik read hânfet dy’t tusken twa boeken yndrukt is.’

‘Dat is it ek.’ seit Gauke en hy wiist: ‘Liket wol in nijen, sa glimket er.’

Wytske pakt har telefoan en makket der in foto fan.

‘Litte we moai sitte foar de technyske kollega’s.’

Se dogge noch in slach troch it hûs en al fine se fierder gjin bysûndere dingen, it jout wol in yndruk. It húshâlden

liket aardich op regel. Alles netsjes opromme en skjin. Soe buorfrou dat foar him dwaan, freget Wytske har ôf.

Yn de keamer dêr't in stoel oer de kop leit, falt in donkerread plak it meast op. It is in aaklik oantinken yn in fierder romme lege keamer. Ien grutte noflike fauteuil mei in steande skimerlampe en in steapel boeken der neist, in grutte kast en dêr tsjinoer, ûnder in fjouwerkant rú in dressoir en fansels ek yn dizze keamer wer allegear planken mei boeken.

'Wat mis ik hjir?' freget Wytske har ôf.

Gauke is skerper: 'Dat sjochst nergens mear, in keamer sûnder telefyzje.'

'Júst. Goed sjoen. De man hie it te drok mei lêzen fansels, mar hoe hat er dan tiid fûn om immen lilik te meitsjen?'

Gauke seit earst neat, aait in pear kear mei de hân oer it fierder glêde kin en sjocht ris by de túndoarren.

'Miskien hat er in ynbrekker betrape?'

'Oan de bûtenkant seach ik sa gjin bewizen foar dy teory en sa'n moker,' Wytske wiist nei de hal, 'nimst gewoanwei net mei om yn te brekken.'

Sa as gewoanlik duorret it in setsje foardat Gauke antwurdet.

'Ja, dat is sa. Sa'n moker is krekt as in foarsittershammer, dy brûkst om definitive saken ôf te slaan.'

Se slute de boel ôf oant de TR komt, sjogge wilens by buorfrou en fertelle har it tryste nijs fan it ferstjerren fan har buorman.

'Hat er it net helle?'

Sûnder te freegjen jit se de plysjes in kopke kofje yn, skoot der in pakje molke en de sûkerpot by, giet sitten en leit de hannen yn de skoat.

Se is der eefkes ôf. 'Och och, dat hy sa oan de ein komme moast.'